

1. En dy it hege en sljochte skiede kinne (S18)
2. Us dream en sin! Hoe wie it ien, myn boarter, (S23)
3. Dat blier besit, dat om gjin delgong tocht (S39)
4. Wat moanne of tiid? Mar al it bliere  
Fan jierre-omgong kaam hjir gear (S63)
5. [...] en troch myn tinken rint in stream,  
Fan nuver spul, blier yn it sêfte ljocht (S71)
6. Fier haw ik myn dreamen weide  
En de himmel iepen sjoen. (S87)
7. O, dy stêden as hja rize  
Ut 'e lege ierde wei! (S94)
8. - O, as oer de bleke finne  
Ier de lange skaden rinne (S94)
9. De leafde ta, dy't sinne en ierde omfet. (S113)
10. - O, hoe fier fan it libben, it sterke,  
Hat, dichter, dyn wei dy laat, (S114)
11. Iere maitiids jong ferheugen  
Trillet yn 'e ljochte dei (S121)
12. 't Wellet op út djippe saden,  
Wûnd're krêften driuwe sa. (S124)
13. As woexsen wie ta foarse krêft  
Wat jonkheids lea trochtrille - (S128)
14. In stoet sa frjemd as ea dit miedlân hie! (S130)
15. Koart wie de dûns yn 't simmerlân, (S131)
16. Gjin erfdiel as it libben heart er ta ! (S146)
17. 'k Bin oars as tsjinner net fan frjemde krêft (S343)
18. In langst en in freze yn 'e siele woechs, (S346)
19. Hja binn' net bûn  
Oan foarmen fan ien dei; [...] (S161)
20. Wat sa it oare wêzen naam  
Kin net syn wegen gean, (S353)
21. De hjerstejûn stiet oer it ienlik fjild; (S163)
22. Ljocht jout it op út sleat en fuorgelin' (S163)
23. Want hy moast sjen, wat ea myn freugde wie. (S177)
24. Sa gean w' ús ljochte paad. Wa jout, wa nimt? (S177)
25. 't Koe wêze dat hja spriek wat better wie ferswijd. (S181)
26. En al wat hjir troch bloei en stjerren gong, (S182)
27. Elts finster hat syn eigen skyn,  
En 't libben bringt syn tûzenstaltich hear. (S354)
28. O jûn! O tinzen' licht gedjoei! (S185)
29. O fiere faar en moer, doe't - hân by hân  
Oer terpe-delgong nei it bloeiend lân -  
De lije wyn it wêzen stil berûn (S186)
30. It kreatuer fan eigen gloed fertard. (S191)
31. In klompke libben dat wringt en rikt  
Yn begearens twang ferlern. (S200)
32. O âlde sneinen dy't yn it rûzjen opkomme, (S206)
33. Dy't net lokkich wêze wol sit no yn 'e tsjernherne  
En lústert nei it klappen fan de fjurhoksdoarren (S206)

34. Hja spylje jeugd en krêft; in dûns,  
In flecht, as wyn en see  
As himmelstjert'. [...] (S367)
35. O jonge krêft, o fêste libbensdrift.  
O frjemde seeën' floed! (S212)
36. Wat bloeibegjin wint stal yn 't wachtsjend tún? (S215)
37. [...] nei strieljen skien en heech  
Wêrfan in ôfglâns bliuwt, hoe djip it byld fersinkt? (S215)
38. 't Wie juster; effen kriemd hat sânt  
De himmelas. [...] (S217)
39. Net opmakke as in byld, mar sa't de siele it oanbringt. (S222)
40. It stoar ús ôf en hat syn treaster net. (S229)
41. En fynt, en wol gjin rêst oant tiidsein komt. (S230)
42. Sa mar in feint yn 't grutte stik betrutsen. (S241)
43. - En yn al libbens bloei is net it godlik wêzen? (S242)
44. Ik sis net: heger as de piramidebou,  
En duorjender as koper sis ik net. (S254)
45. De sinne hâldt syn ljochte himmelgong  
En minske' hert syn wûnderlik begear. (S254)
46. En siele hat - o dream yn simmerlân -  
Yn ierdske begean fan it tideleaze wûn. (S254)
47. Sterke, sjochsto hoe't ik yn dyn wêzen  
My belibje, en dyn paden gear? (S255)
48. Mar wat west hat is wat oars as wat net west hat. (S265)
49. Kin it wêze dat it keamersfinster seit:  
"Ik sjoch de greide; ik bin de greide. [...]." (S268)
50. De wein rattelt oer de reed de efterútse lânen yn;  
Fierder, al fierder! Wat bochtet dy wei! Sille hja in libbenstiid troch ride? (S300)